

yn 1517 krige fan Karel V oangeande it rjocht om in wykmerk te halden (s.120). Boppedat steane der ek ofbyldings p in nuver plak, lykasde gravuere fan Menno Simonsz midden yn it ferhaal oer de kwestjes nei it oanlizzen fan 'e Stroobosser Trekfeart (s. 202). En as it op side 83-84 giet oer it krewearjen fan Jan van Beieren om ynfloed te krijen, dan hoecht der nei myn betinken gjin portret fan Jacoba van Beieren by, en om no by it stik oer de striid tusken Skier en Fet in ofbylding te pleatsen dy't sa folslein Frânsk is, hie eins net moatten; faaks hie in goede tekening better op syn plak west (s. 76). Op side 96 miste ik in foto mei it foarbyld fan in Fryske stedsstins. Mar dizze krityske opmerkings dogge neat of oan it feit dat it in boek is mei faak hiele moaie printen (en kaarten!). Echt in boppeslach binne de foto's op side 244-245 mei de allegoaryske foarstellings fan it behang fan de riedsseal yn it stedhûs, en dy op side 260 mei de gevelstiennen. It fotomateriaal fan it lêste part fan de njoggentjinde ieu of is oer it algemien tige funksjoneel, mei ek rom omtinken foar de tsjerkeskiednis fan protestanten likegoed as katoliken. De skriuwers fan de tekstynsetten hawwe moai en meastentiids deeglik materiaal oanlevere. Tige nijsgjirrich fûn ik de bydrage fan Guus Bary oer de jezuitestaasje. Hy jout in helder byld fan dat stikje roomske skiednis dat wolris wat tefolle weidrukt is troch de oernacht fan it protestantisme. Foar katoliken yn de diaspora yn noardlik Eastergoa is Dokkum dochs altyd it hert bleaun mei in dúdlike opdracht en missy yn de regio.

De missy fan Meindert en syn tritich 'gezellen' hat in moai risseltaat opsmitten. Dokkum kin der wiis mei wêze..

T.R.A Simonides (Burdaard)

J. P.A. Louman (2007)

Een geschiedenis van de waterbeheersing in Friesland vanaf het midden van de achttiende eeuw tot omstreeks 1970, (Amsterdam: Vossiuspers UvA, ISBN 978 90 5629 465 6; 594 s.; €65,00)

Op woansdei 31 jannewaris 2007 is de histoarikus Jan Louman (Amsterdam, 1940) oan de Universiteit van Amsterdam promovearre op in mansk proefskrift fan sawat fiifhûndert siden tekst oer de organisaasje fan it wetterbehear yn Fryslân. It boek telt mei-elkoar sân haadstikken, begjinnend mei in ynlieding en ofslutend mei in gearfetting. Dêrnei bliuwe noch in lytse hûndert siden oer foar it werjaan fan in tal regelingen, in alfabetyske en gronologyske list fan boezemweterskippen en feanpolders, in oersjoch fan brûkte literatuer, boarnen en argiven en in register op de minsken dy't yn it boek neamd wurde.

It earste haadstik, de ynlieding ta it boek, makket dudlik dat de skriuwer yn syn studzje de fraach beânderje wol wat der dien is om de Fryske boezem te behearskjen. Dêrby giet it om twa aspekten. aan de iene kant it utwetterjen op it bûtenwetter en oan de oare kant it fan it lân kearen fan it boezemwetter. Of, sa't Louman skriuwt, hokfoar besluten binne tusken de twadde helte fan de

18de ieu en it jier 1970 nommen om de wetterbalans fan it Fryske boezemgebiet yn lykwicht te bringen? Louman jout oan dat er fierder kiest foar in beskriuwend skiedskriuwing. Noch sterker, Louman kiest, mei allinne in ferwizing nei George M. Trevelyan syn essay 'Clio, amuse and other essays literary and pedestrian' út 1913 (Louman hat trouwens in werprintinge út 1949 brûkt) foar in oanpak dêr't it ferhaal, en allinne it ferhaal, neffens dûdlik meitsje moat wat de skriuwer him offreget en wat er te fertellen hal. Dêrfoaroe seit Louman dat er neat hawwe moat fan in sosjaal-wittenskiplike oanpak mei syn 'systeemdwang'!

In dûdlik ferhaal makket útwreidzjen oer wat in skriuwer tinkt te skriuwen en hoe't er dat tinkt te dwaan, oerstallich, sa lit Louman witte. Syn opfetting is helder: 'het beschrijvende verhaal, kan het onderwerp (...) ten volle recht doen'. Dêrmei leit de auteur de latte foar syn ûndemimmen net te leech. Want sa'n wittenskiplike en tagelyk literêre oanpak freget, krekt sjoen it omtinken foar de beslûfoarming oer in langer tiidrek en op in frijwat spesjalistysk mêd, nochal wat. Op dat mêd binne ûnder mear allerhanne bestjoerskundige teoryen foarhannen, dy't dûdlik meitsje kinne wêrom't besluten al of net nommen wurde, wêrom't it faak lang duorret ear't der besluten nommen wurde, wat de trochslach yn sokke prosessenjaan kin, wat en wa't ynfloed op sokke prosessen hat of hawwe en folle net genoch. Mar Louman kin it dêr, neffens eigen sizzen, sûnder dwaan. Hy wit yn it foar al, en sûnder ek mar mei ien letter yn te gean op wat nei 1913 op dat mêd skreaun is troch mannen lykas Fernand Braudel, Lawrence Stone of Paul Veyne, dat syn 'new old history'-oanpak it ûnderwerp dat beskreaun en analysearre wurde moat, treast is. Fierder lêzen nei side 23 moat dûdlik meitsje oft syn oanpak foldwaande each hat foar alle aspekten fan de beslûfoarming en oft sa'n wurkwise foldwaande each hat foar dieden en motiven. Kriget de ûndersiker alle minsken en organisaasjes dy't yn de beslûfoarming behelle binne foar it fizier? Wit de skriuwer oannimlik te meitsjen wêrom't de beslûfoarming felt? Is sa't dy felt? Is? Skriuwt Louman sa besiele dat it yndied tinken docht oan it sjongen fan Apo1-10 syn begeliedster Clio?

It twadde haadstik, mei as titel 'De waterbalans', docht op mei-elkoar san siden ferslach fan it 'Rapport inzake de bemaling van Frieslands boezem' út 1956. In wetterbalans jout, sa makket Louman dûdlik, it of- of tanimmen fan de wetterfoarried yn de rin fan in beskate tiid en yn in bepaald gebiet weI. It rapport fan Provinsjale Wettersteat lit sjen dat it fermogen fan de poldergemalen mei-elkoar flink wat grutter is as dat fan it Wouda-gemaal op 'e Lemmer. En dat betsjut dat as by heech wetter de poldergemalen allegearre wetter útslane, de wetterbalans út lykwicht rekket en de Fryske boezem al gau te lyts is om alle wetter te bergen. Utsteld wurdt om dat probleem oan te pakken mei de bou fan twa nije gemalen respektivelik op Ie Lemmer en by Starum of LaaksumlMurns.

Op de folgjende fyftjin siden, haadstik 3, beskriuwt Louman de tafier fan it wetter - delslach kwel, skutwetter en wetter út de Iselmar - nei de Fryske boe-

zem. En dan begjint mei haadstik fjouwer it echte wurk, as Louman yu meilkoar mar leafst sawat 250 siden, 643 noaten ynbegrepen, oer it behearskjen fan de boezem fertelt, ûnderferdielt yn fiif paragrafen oer respektivelik it wurd 'boezem', it peilflak en doelpeil op de boezem, it natuerlik ynlitten en rinne litten fan it wetter, en it ferbetterjen fan it rinne litten fan it wetter, troch respektivelik it ôfsluten fan de Lauwerssee en it meallen. Louman begjint mei it dudlik meitsjen fan de dregens fan it Fryske peilbehear. Dat is gjin wûnder, want it wetterbelang leit foar elk wer oars. Louman beskriuwt de hiele gong fan saken fan besluit ta besluit, fan kommisje ta kommisje, fan ûndersyk ta ûndersyk en fan mjitting ta mjitting, mar it politike bedriuw bliuwt te ûndudlik. Sa skriuwt Louman op side 103 en fierder, mei help fan ûnderskate foarbylden, dat de publike opiny har - yn de jierren santich fan de 19de ieu - wat langer wat mear mei peil en ôffier fan it boezemwetter dwaande begûn te halden, sûnder dat soks effektive maatregels opsmiet. De skriuwer makket lykwols net dudlik wêrom't de provinsjale oerheid sa passyf bleau. Wie dat de gewoane halding foar in tafersjochhaldend orgaan, lykas de provinsje dat yn dy jierren wie, ofhie dat bygelyks te krijen mei de ynterne organisaasje fan de provinsje, of gie it om politike ferskillen fan ynsjoch?

Deputearre en Provinsjale Steaten moasten neat hawwe fan de ynspannings fan de Earnewaldster dûmny Binne Bolleman van der Veen om, sa'n 130 jier ferlyn, it wetterpeil oan te passen. Wienen de Steaten dêr lykwols unanym yn? Wat wie har motivaasje? Of hienen de steaten âf har saakkundige amtners it yn it algemien net op bûtensteanders stean? Dat binne fragen dy't net troch Louman steld en beândere wurde. Inkelde siden fierder hat Louman it al oer de jierren nei de Twadde Wraldoarloch en komt de man dy't it faakst yn it boek neamd wurdt, CHU-deputearre Harm Gerbrandij, foar it earst yn it boek nei foaren, op side 117. Earst op side 404 kriget Gerbrandij trouwens in noat fan de skriuwer mei dêryn, lykas dat ek bart mei allerhanne oare bestjoerders en amtners, inkelde persoanlike data. De 'boeredeputearre' Gerbrandij wurdt foar it earst neamd nei't de nije provinsjale direktor fan de Kultuertechnyske Tsjinst (tsjintwurdich de Tsjinst Lanlik Gebiet), ir. K. I. de Haan, yn 1955 by it Kolleezje fan Deputearren yn de pleit west hat foar it ynstellen fan in fêste kommisje foar it wetterbehear. De deputearre, dy't op dat stuit al tsien jier yn funksje wie en dat dêrnei noch fyftjin jier bliuwe soe, neamde it holden pleit wichtich, mar dêr bleau it fierder by. Earst twa jier letter soe Provinsjale Wettersteat de rie jaan om in fêste kommisje foar de wetterfoarsjenning yn te stellen. Dy kommisje kaam der yn 1958, mar soe, sa kin konkludearre wurde, yn de amper njoggen jier fan har bestean, neat út de wei sette. Wat sokke en oare foarbylden yn it boek oer de ferhalding tusken bestjoer, griffy en tsjinst of it tempo fan de provinsjale besluitfoarming sizze, wurdt net troch Louman op yngien. Datselde jildt foar de politike kant oan in debat yn de steategearkomste fan 14 desimber 1965, as it oer de needsaak en mooglikheid giet om de wetterskippen in ferbod ta meallen op te lizzen. Wa is dêr foar en tsjin, hoe tinke de politike partijen oer dy kwestje? En hawwe de Fryske kranten fierders in opiny yn dat stik fan saken, of wie dat doe mooglik net fan belang?

Wat wie fierders it gewicht fan de Kultuertechnyske Tsjinst yn dat stik fan saken? Wie de doetiids ek al besteande Noardlike direksje fan Rykswettersteat net folle wichtiger? Dy lêste tsjinst komt amper yn it ferhaal foar, en dat liket dochs in omisje te wêzen. Louman beheint him spitigernôchjustjes tefolle ta de provinsjale dokuminten en ferslaggen en fertelt dêrmei net it hiele ferhaal fan it wetterbehear fan Fryslân.

Goed tachtich siden brûkt Louman foar de plannen ta it ôfsluten fan de Lauwerssee. De earste plannen dêrta datearje al fan goed hûndertenfyftich jier ferlyn, mar earst hûndert jier letter soe it ôfsluten fan de see serieuus op de politike aginda ferskine. De wettersneed fan 1953 soarge dêrfoar. Louman docht wiidweidich ferslach fan kommisjes, rapporten en it parlemintêre besprek fan de Deltawet (1958). Dêrnjonken neamt er op de siden 160 en 169 it fanwegen kommen fan de publike opiny en it 'in een "frysksinnige" samenhang plaatsen' fan de needsaak ta it ôfsluten fan de Lauwerssee. Om't it Louman lykwols om it wetterbehear en net om feiligens of wurkgelegenheid giet, bliuwt it allinne by in neamen. Dy wurkwiize liket ûnfoldwaande rjocht te dwaan oan in oare eksterne faktor as de ramp fan 1953, ek al giet it om hiel oare motiven, mar mooglik dochs mei ynfloed op it beliedsproses. De skriuwer lit fierder sjen dat de relaasje tusken Fryslân en Grinslân, doe't it oer it ôfsluten fan de Lauwerssee gie, net 'veel warmte en eenstemmigheid' koe. En fierder gie it foaral oer en om sinten.

Dyselde pekunia spilen ek in grutte rol by de plannen en besluten oangeande in twadde gemaal yn de provinsje. Alwer hûndert jier ferlyn 'schrokken Gedeputeerde Staten terug voor de te verwachten kosten', sa skriuwt Louman op side 211, as it oer it iene nei it oare plan foar in nij gemaal giet. It provinsjaal belied liket foaral te bestean út in beknibbeljen op kosten en oplossings. Hawar, op 'een wonderschone stralende herfst dag', 7 oktober 1920, koe it nije gemaal, dat yn 1947 de namme fan syn geastlike heit, de eardere haadyngenieur-direkteur fan Provinsjale Wettersteat ir. D. F. Wouda, krije soe, iepene wurde. Wêrom't Louman net neamt dat keninginne Wilhelmina dy iepening docht, is ûndûdlik. De komst fan de keninginne ûnderstreket dochs it grutte belang fan it barren en past foaral ek moai yn it fertellen fan in nijsgjirrich ferhaal.

De sunigens fan it provinsjaal bestjoer soarge der allinne foar dat al gau dûdlik waard dat de problemen mei heech wetter wol minder, mar net oplost wienen. Nei de Twadde Wrâldoarloch sette Provinsjale Wettersteat, doe ûnder lieding fan Wouda's opfolger, ir. G. L. Walther, mar wer ris ûtein mei in stûdzje nei de Fryske wetterhûshâlding, dy't earst yn 1956 oan Deputearren útbrocht wurde soe. Earst injier letter krigen Provinsjale Steaten it rapport, nei't deputearre Gerbrandij, yn syn funksje fan CBTB-foarsitter, dêr yn de iepenbierens fan in ledegearkomste al in foarskot op nommen hie. De hiele gong fan saken makket moai posysje en relaasje fan en tusken it algemien en deistich bestjoer fan de provinsje yn dy dagen dûdlik. En sûnder dat it Louman dêr om giet, falt

tusken de rigels ek it nedige te lêzen fan de relaasje tusken oan de iene kant in saakkundige tsjinst en oan de oare kant it politike bestjoer.

Dat der in gemaal bykomme moast, wie ien ding, mar it beteljen in oar. De ryksoerheid makke it noch dreger troch dûdlik te meitsjen dat it boezembehear net in saak fan de Provinsje, mar fan in wetterskip wêze moast, lykas dat yn de Hollannen allang it gefal wie. Louman docht (suver te) wiidweidich fer-slach fan wat de Steaten dêr yn har gearkomsten yn de jierren 1958-1962 fan seinen. Ek de parlemintêre behanneling (1961-1962) fan it ûntwerp fan wet oangeande it mooglik meitsjen fan in bysûndere provinsjale belesting, dy't it beteljen fan it nije gemaal mooglik meitsje moat, komt wol hiel royaal op it aljemint. Dat is drege kost, dy't pas smeudiger wurdt as bliken docht dat deputearre Gerbrandij - op it lêste stuit - in minderheidsstanpunt yn it kolleezje fan doe ynnaam. 'In Friesland waren de achterban en het electoraat van de CHU vooral te vinden op het platteland', sa skriuwt Louman op side 283, en dêr wienen ek de betellers fan de grûnbelesting te finen, dy't de opsinten foar de mealbelesting betelje moasten. 'De reikwijdte van Gerbrandij's rechtsgevoel wordt daarnaast ook belicht doordat hij een ambtenaar liet berekenen wat die 60 opcenten voor hem persoonlijk zouden betekenen.' PvdA-deputearre Jan Louw Hoogland, lykas syn kollega en opponint dan al sechstjin jier deputearre, ferdigene it ûtstel dat mei in grutte steatemearderheid oannommen waard. As Louman him net beheind hie ta it argyf en de dokuminten en ek praat hie mei lju dy't dêr yndertiid by west hawwe, hie de skriuwer grif mear gewaar wurden fan de mooglike kontroverse tusken oan de iene kant deputearre Gerbrandij en de griffy-afdieling wettersteatssaken en oan de oare kant deputearre Hoogland en de provinsjale wettersteatstsjinst. Inkelde desennia letter binne de Provinsjes rûnom, en yn boppesteand perspektyf net hielendal om 'e nocht, fan it lang besteande griffy-tsjinste-model afstapt. Louman giet likemin yn op de provinsjale ferhalding tusken konfesjonelen en sosjalisten, of, yn politike kleuren, tusken grien en read. En wat hat de rol fan Kommissaris mr. P. A. V. van Harinxma thoe Slooten west? De langsittende kommissaris, dêr't Piter Sipma yn syn betinkingswurden yn De Vrije Fries fan 1955 fan witte lit dat er 'folle krêft jûn hat oan de wetterhûshalding fan Fryslan: Fryslans boezem, de sêdiken, it Wouda-gemaal, de greate farwetters, it Van Harinxma-kanal', wurdt yn it fjirde haadstik ien kear neamd (side 214) en dan ek noch as 'misschien niet de meest aangewezen man om een onbevungen oordeel over de Friese waterhuishouding uit te spreken.' Dat is in frjemd oardiel en it is tige de fraach oft soks oan Clio har sjongen bydraacht. It nije gemaal by Starum, dat foar it earst wurke op 6 desimber 1966, krige op ûtstel fan CHU-er Atze Oosterhoff de namme fan deputearre Hoogland mei. De lêzer hie graach lêze wollen oft soks ta argewaasje fan partijgenoat Gerbrandij barde. It giet lykwols net fierder as dat dy ferrast wie en him noch affrege oft it winsklik is om minsken by har libben al te earjen troch har namme oan in objekt te ferbinen.

Haadstik 5 fertelt yn goed 180 siden it ferhaal fan it beskermjen fan it boe-

zemlan, c.q. it oprjochtsjen fan polders en wetterskippen en de beslûtfoarming oer it peil fan de Fryske boezem. Louman makket dûdlik hoe't it ta stan kommen fan it ir. D. F. Woudagemaal en it provinsjaal beslût oangeande it wetterpeil op de Fryske boezem foar in oprjochtsjen fan in biddeltekken fan wetterskippen en polders soargen, en foar de yngelannen hegere lesten betsjutten. De Provinsje, Provinsjale Wettersteat ynbegrepen, stie lykwols op grutte ôfstân ta dat alles. Hiel oars as de direkteur fan de Kultuertechnyske Tsjinst, dy't troch de jierren hinne, sa makket Louman dûdlik, yn de pleit west hat foar sterke wetterskippen en yn dat ferban al yn 1955 op in konsintraasje fan wetterskippen oanstie. Dat Deputearre Steaten earst twajier letter it beslût namen om in kommisje te freegjen om rie te jaan oer de konsintraasje fan boezemwetterskippen en feanpolders, lit wat sjen fan de stadigers fan de provinsjale beliedsfoarming. Dat docht ek bliken út it feit dat it nei it ynstellen fan de kommisje acht moanne duorje soe ear 't de kommisje gearkaam en trije jier ear 't it einrapport op tafel lei. Nei sawat oardel jier wie der noch net folle mear dien as de opdracht oan inkelde amtners om in enkête, in petear mei 29 ûnderskate wetterskipsbestjoeren, te halden. Louman tinkt trouwens dat Gerbrandij him goed fine koe yn Gysbreght syn sizzen 'Een krijghsman wint genoegh, al wint hij niet[s] dan tijd.'

De auteur rommet, krektlyk as yn it fjirde haadstik, in hiel soad romte yn om ferslach te dwaan fan wat der yn de ûnderskate steatesittings troch dizze en jinge oangeande de wetterskipsorganisaasje nei foaren brocht is. Dat si! passe yn de foar kar nommen oanpak, mar om de lêzer hie it grif wol koarter om de hoeke mocht. Foaral as dat tagelyk betsjutten hie dat de doetiidske partijferskillen en bygelyks de ynfloed fan it Griene Front yn de Steaten wat mear omtinken krigen hienen. Boppedat hie it each op de ûntwikkeling yn stanpunten rjochte wurde mocht. Wie it net de PvdA dy't yn de sechstiger jierren grut foarstanner fan konsintraasje fan wetterskippen wie, mar yn de njoggentiger jierren yn de Steaten it CDA holp om it ta stan kommen fan ien wetterskip yn Fryslan - efternei foar sân jier - te kearen? Louman neamt it ûteinlik ta stan kommen fan dat iene wetterskip yn 2004 noch, mar makket, spitigernoch, gjin wurden smoarch oan de beslûtfoarming datoangeande, om't er earder al oanjûn hat dat foar him 'omstreeks 1970', it Fryske wetterbehear yn kalk en semint wie. Of dat, sa't er yn it koarte seisde haadstik fêststelt, in stabyl systeem fan wetterbehear realisearre wie.

It wurk fan Louman kin beskreaun wurde as dokumintêr en akribysk. Nammerste opfallender is it dat er op side 304 al te royaal pûnsmieten weromrekkenet ta hektaren: tachtich pûnsmiet is sawat 22 hektare en gjin goed 29, lykas Louman de lêzer leauwe litte wol. Op side 33 wurdt ir. H. Zandvoort mei wissens as auteur fan it 'Rapport inzake de bemaling van Frieslands boezem' (1956) neamd. De werklikheid is lykwols dat it, lykas faker it gefal is mei amtlike rapporten, om in koproduksje gie, dêr't bygelyks ek de irs. C. van Beesten, H. Ehrhardt en G. L. Walther mei anneks wienen. Dat is foar it ferhaal fan gjin belang, mar wolopmerklik, om't it wurk fan Louman sa krekt en

presys oerkomt. Dat is fansels net hielendal ferrassend as men wit dat de auteur in beropseftergrûn yn it argyf- en bibleteekwêzen hat. Dyselde krektens en prezizens lit Louman ek efkes yn de steek as it giet om it ferskil tusken de brûkte ûndertitel foar it boek, dy't it oer in stûdzje fan de achttjinde ieu of hat en haadstik fiif, dat yn de sechstjinde ieu begjint en dêrnei bygelyks it omtinken freget foar de steateresolúsje fan 18 july 1633.

It brûken fan termen lykas dokumintêr en akribysk ymplisearret tagelyk in antwurd op de fraach oft de auteur der yn slagge is om Clio sjonge te litten. Jan Louman hat in deeglike ynventarisasaasje makke fan wichtich provinsjaal belied. Hy makket dûdlik wat der yn de rin fan de jierren ûndernommen is om de Fryske boezem te behearskjen, mar om te sizzen dat Louman sa út de Pimpleyske boarne dronken hat dat syn ferhaal oer alle eienen en kanten foldwaande sprekt en ferklearret, hie oan de iene kant in beskate beheining yn it wiidweidich ferslach dwaan en oan de oare kant noch krekt wat mear each en omtinken foar it hoe en het fan it ûndersochte belied en de dêryn behelle minsken en organisaasjes frege.

Piet Hemminga (Fryske Akademy)
Hein Ehrhardt (foarhinne Provinsjale Wettersteat Fryslân)

Ria van Hemmen (2006)

Een eeuw beroepsonderwijs in Friesland (1863-1968) (Ljouwert: ROC Friesland College / Ljouwert: Fryske Akademy, ISBN: 978-90-6171-001-8; FA-nr. 1002; 356 s; €22,50)

Wurkjouwers kleie der faak oer, dat de jongelju dy't fan de skoalle ofkomme, neat kinne. De hannen steane ferkeard. Hja sitte fol mei 'geleardheid' en witte amperoan hoe't hja in hammer fêsthâlde moatte. In klacht oer it hjoeddeiske VMBO, it 'Voorbereidend Middelbaar Beroepsonderwijs'? Nee, dizze twifels oer de kwaliteit fan de learlingen hiene Snitser ûndernimmers doe't dudlik waard dat dêr yn 1901 in ambachtsskoalle oprjochte wurde soe. De kritek fan it publyk op it beropsûnderwiis is feitlik itselde bleaun: der wurdt tefolle ûtgien fan algemiene foarming en fierstente min fan it learen fan in fak. De jonges en famkes fernimme fuort nei't se fan skoalle komme dat de studzje net goed oanslût by de praktyk fan de arbeidsmerk. Hjir en dêr binne der dêrom alwer skoallen dy't de âlderwetske lts wer ynfriere, de opfolger fan de ambachtsskoalle. Dat it by de VMBO om tariedend ûnderwiis giet, mei de mooglikheid en de winsklikheid fan in ferfolchoplieding, wurdt benammen troch de stamtafel en de media noch wolris fergetten.

Ria van Hemmen hat foar ROC Friesland College en de Fryske Akademy in boek skreaun oer hûndert jier beropsûnderwiis yn Fryslân. Hja sette dêrmei útein yn 1996 en wie oant 2000 yn tsjinst fan de Fryske Akademy. Dêrmei hat hja noch in pear jier oan it projekt wurke, oant hja oar wurk fûn. It boek waard lang om let dienmakke troch Johan Frieswijk, histoarikus fan de Nijste Tiid